

Leny de Vries en Leo Dykstra yn

SIMMERDYK 71



hjerst '84

SIMMERDYK 71

<i>Konsept & Ideeën:</i>	<i>Leo Dykstra, Leny de Vries</i>
<i>Teksten:</i>	<i>Leo Dykstra</i>
<i>Komposysjes & Arrangeminten</i>	<i>Addy Scheele Cees Bylstra John Eskes</i>
<i>Regy</i>	<i>Claudia de Vries</i>
<i>Dekor</i>	<i>Gert-Jan van Kamp</i>
<i>Klaaijing</i>	<i>Liedwien van der Veer</i>
<i>Koarsang</i>	<i>Ljouwerter Cantory</i>
<i>Untw./lay-out programma</i>	<i>Jan J. Roos</i>
<i>Foto's</i>	<i>Peter Popken</i>
<i>Printwurk</i>	<i>Handelsdrukkerij van 1874</i>
<i>Meiwurkers</i>	<i>Leny de Vries Leo Dykstra Anke Piersma - fluit(en), synthesizer, piano, akkordeon Addy Scheele - piano, gitaar, hoorn Harry v. Koningsveld - lûd & ljocht</i>

*Dit boekje wurdt jo oanbean mei stipe fan de
Friesland Bank.*

PROGRAMMA


<i>Prolooch</i>	LD / CB,CB
<i>In wurd fan 5 letters</i>	LdeV
<i>Simmerdyk 71</i>	LD / AS,AS
<i>Hadewytske</i>	LD / AS
<i>Menear De Vries</i>	LD / AS
<i>Heer ca. 70 z.k.m. dito dame</i>	LD / JE,AS
<i>Eagen</i>	LD / CB,CB
<i>Mefrou fan de mefrou</i>	LD
<i>De Koeroe</i>	LD
<i>Lippe wol net wippe</i>	LD / CB,CB

SKOFT

<i>Ik stean dy noed</i>	LD / JE,JE
<i>Après nous (nei ùs)</i>	LD
<i>Ansichtkaarten</i>	LD / CB,CB
<i>Tûzend meter ferskill</i>	LD / AS,AS
<i>Pake 80 jier</i>	LD / JE,AS
<i>Video is moai</i>	LD
<i>Natasja & Molly</i>	LD / JE,AS
<i>Helsinki</i>	LD
<i>L.A.</i>	LD
<i>See you again</i>	LD / CB,CB

Wizigingen foarbehâlden.

*Sûnder tastimming mei neat út dit
boekje oernommen wurde.*



Leo Dykstra - Ljouwert, 26-2-45.

Is it lêste bern út in rige fan seis. Fan hûs út in Ljouwerter, dy't it Frysk pas learde op syn 18de. Hie as bern in soad niget oan polityk, lies op syn tsiende de krante fan A oant Z. Skreau as jonkje al lytse gedichtsjes dy't net ien begrypte. Omkesizzer fan Henk - Dockumer lokaaltsje - Van der Heide.

Letter skreau hy literaire wurkjes foar Rodeo, skoallekrante fan de R.H.B.S. Altyd oanlutsen troch toaniel, literatuer, skiednis. Mei syn bytsje bûsjild dochs noch in soad nei de Harmonie; "en oars pykten wy der wol yn", seit Leo. Woe letter dokter wurde of piloat, mar kin gjin bloed sjen en is kleureblyn. Is doe mar kabarettier wurden. Fia de hegere beropsoplieding by Tetman de Vries op syn 24e mei in eigen ploech begûn. Sjongt en spilet it bêste foar de spegel yn 'e baaikamer en ynterviewt himsels op lange gisels allinne yn 'e auto.

Hat alle teksten fan "Simmerdyk 71" skreaun. Is dêrnjonken skriuwer fan Teleboerd (Frysk foar net Friezen), hits fan de moanne en meters reklameteksten. Dreamt derfan dat syn dochter Navratilova ferslacht en syn soan yn Ajax spilet, sadat sy heit ûnderhâlde kinne. Dan kin hy lang om let dan boekje skriuwe mei dy lytse gedichtsjes dy't net ien hoecht te begripen.



Leny de Vries - Ljouwert, 13-6-43.

Grut wurden yn in húshâlding dêr't altyd songen en spile waard. Seach as bern de moaie kant mar ek de achterkant fan it artyst wêzen, de emoasjes en frustraasjes: "hoe sil it nije stik falle?" as heit Tetman nei in groumoanne opslúting mei in nije wurklist foar it ljocht kaam. En dan alle rippetysjes dy't se boppe op bêd folge; se sjongt noch flot alle lietsjes út "Kleur en Fleur" en safolle oare revues. Mar it toaniel op, dat wie net har ambysje. As men lytse Leny frege: "wat wolst letter wurde?", dan wie it andert grif: "mem"! Lykwols, fanút de "workshop" thús spile se hast fan nature altyd al stikjes op skoalle: Doornroosje yn it breidsfamkejerkje fan suske Anneke bygelyks. Letter moasten dy famkes fan Tetman fansels meidwaan oan it Gymnasium-kabaret en song Leny by it skoalle-orkest: Que sera, sera (hoe sil't komme?). En it wurde dochs kabaret by it Selskip Tetman de Vries en de útnoeging foar it Nederlânsk hockeyteam wurde dêr sels foar ôfbelle. Wat noch hieltyd wat âld sear jout, binammen as ús hockeydames yn L.A. wer goud winne. Want sport nimt yn Leny's libben in wichtich plak yn. Beropsmjittich is se fansels aktrise. Se presentearret skoalleradio en Teleboerd-lessen, brocht de lêste twa jier har solo-programma "Is de baas ek thús?" en hat har no wer fan fûnemint oant ôffervjen jûn foar dit nije programma.

"Que sera, sera?" Tja, foar't selde hie se poer gelokkich op jo stoel sitten jûn, neist in man dy't net sa noadich stikjes skriuwe moat.



Anke Piersma - Himmelum, 15-4-60.

Kin lekker itensiede en bordure as in wyld. Studearret dêrnjonken fluit en piano op it Konservatorium yn Grins. Beppe Akke spile ek al piano, lykas mem, dus de muzikaliteit komt fan memmekant. Mar poets heit Piersma ek net út; wierskynlik de bêst dûnsjende feedokter fan Fryslân, dus dêr komt Anke's ritmyk wei.


Op har achtste helle se it examen A mei lof, wêrop mem neffens goed fryske gewoante sei: "No net eigenwiis wurde".

Mei 12 jier yn Concordia op'e fluit en fanôf har 15de op'e piano by de Big Band Friesland út Koudum.

By it Frysk Festival '80 "ûntdutsen" troch Addy Scheele en sûnt ein '83 yn't plak fan John Eskes fêste begeliedster yn Leny's "Is de baas ek thús?".

Sy hat alris spile mei it NFO yn de Matheus Passion en hat in fêste sit yn it Regionaal Jeugdorkest.

Se kin oeren sjen nei har fluiten, dy't thús smûk op in kessentsje lizze.



Addy Scheele - Enschede, 25-10-49.

Begûn syn muzykkarriêre op de koekblikken fan buorman dy't bakker wie. Nei alle gedachten nei't hy se earst ek sels leechiten hie, mar dat seit er der net by. Hat op syn fyfde in blaumoandei oan in akkordeon lutsen, mar dat koe neat wurde. Makke in eigenbou ukelele fan in sigarekistke en krige op syn sânne in echten. Hy hie it ek fan gjin frjemd: mem spile toaniel, heit fioel. Yn'e tredde klasse hie Addy al syn eigen "band". Mar fia blokfluit en gitaar op'e muzykskoalle kaam hy dan dochs by syn grutte leafde, de piano, telâne. Fanwege stúdzje Ingels wennet er no al wer jierren yn Grins dêr't hy meispile yn ferskate orkesten. Yn '78 wurdt hy plakferfanger fan Cees Bylstra by Rients Gratama. Spilet sûnt '81 by Leny, arrangeart in protte byg. de nye plaat fan Marjol Floor. Dreamt fan in grut kompositoarysk wurk fan eigen hân en hat dêr ek de klassike krollekop foar.



Harry v. Koningsveld - Ljouwert 27-10-51.

In echte ouwe Luwadder, mar dan wol fan it optimistyske soart. Harry is wierskynlik de grutste artyst yn ús fermidden, in bon vivan dy't ynienen geweldich puktueel wurdt as er him beweecht yn de wrâld fan "cues", "black outs", "fade outs", "microotsjes" en "pipootsjes".


Hy is ferneamd om syn aparte droege humor en syn laits dêr't hynders op ôfkomme; fermakket de artysten wylst sy de minsken fermeitsje.

Hat al in grut tal artysten "ûnder hannen hân", sa't hy it sels seit. En gjin artyst is him frjemd (genôch).

Hat fanút syn baan yn fersekeringen bewust keazen foar de ûnsekerheit fan it saneamde "schnabelcircuit".

Miskien wol omdat neffens him de romantyk yn de klaaikeamers leit.

Harry is nooit thús, mar altyd te berikken. Hy prefereart nettsjinsteande tal fan "nasjonale" oanbiedings noch altyd Fryslân, omdat hy net lang sûnder de Aldehou en Alet kin.



Lippe wol net wippe
foar in skelling of in botsen
jimme kinn' ferhippe
'k smyt myn sied net op'e rotsen
ik wol wippe tsjin de klippen
wippe tsjin de klippen op
mar net as jimm' begjinn' te mierenfotsen.

WAT ADDY EK NET SNAPT

momkape

- wat jo foar de holle dogge om ûnwerkenber te wêzen
- Tukker om ústens
- Dockumer lokaaltsje fol sjitkrûd

Addy

bommeldinkje

Baron de Coubertin

- stichter fan de nijmoadige Olympyske Spullen
- in minske of bist of hiele rigele dêrfan, ûntstien út de fuortplanting fan ien organisme
- hiel wat oars

kloan

clown

minderweardichheidskompleks

phoanetysk shit

- in tige lang wurd dat dus gjin lêst hat fan syn eigen betsjutting
- wurd dat jo net phoanetysk skriuwe
- oanmoediging oan it eigen adres op fuotbal- en tennisfjilden; ek wol: stront

Dolly Dot

- poesdot, net te fertizen mei poetsdot; in kloan (sj. kloan) út'e ferdivedaasje-yndustry, lykas de famkes fan
- analooch mei: ik jou dy in hôf en bring dy te huf

LUV

Mini Play Back Show

- minne akteurs dy't oaren nei-aapje; byg. Ronald Reagan dy't foar John F. Kennedy spilet
- John Ross Ewing

J.R.

J.R. jr.

Tararaboemtiée kick

- lytse John Ross
- signaal dat men omheech moat
- wat jo net krije fan de hear Stokhuizen

Michel Angelo rotsoai ragge bakje leut

- sa neame se Rembrandt yn Italië
- alles kreas te plak lizze
- kopke kofje; Luwadder siswize: foor de leut niet leutere

ferdielbaarregel

- preemje foar echtlike en sels bûtenechtlike trou
- om te smoken

Nepal klappe

- brêge dy't omheech giet as der ien skip toetert en ek as der hûndert auto's toeterje
- winliken: eamelderfotse - mierenneuken

mierefotse

- 2 1/2 sint
- 12 botsen

botsen

skelling

ik stean dy noed

slow motion

- I care for you
- nederlânske hurdriners yn fergelyk mei amearikaanske
- skiednisleraar dy't foar alle klassen in oar leske hat; skiednisleraar dy't de swarte siden út de skiednis oerslacht; ek wol: in maat dy't gau fol is

Janmaat

Triathlon

Petroland

- sport wêrby de dielnimmers har twa kear omklaaie moatte
- frânske oalje maatskippij, dy't as't even meisit ek gas fine sil yn Houtgehage

See you again

See you again in Houtigehage
All together under de reek
Of the Olympic flame


The biggest ever burning
Because Petroland already has a fergunning
In Houtigehage, in Houtigehage

See you again

In Houtigehage,

See you again

In Houtigehage



*Leny & Leo
Simmerdyk 71
Postbus 135
9250 AC BURGUM
Tel. 05116-2059*